

It belang fan de fiertaal foar taalûntwikkeling

Eigen ûnderfining

- 1a. Folgest foar dyn haadstúdzje ek fakken yn it Frysk?
 - b. Hoe is it foar dy om Frysktalige fakken te folgjen?
 - c. Hoe is it foar dy om Frysktalige boeken of teksten te lêzen?
 - d. Is dyn Frysk der better fan wurden, tinkst?
- 2a. Hasto wolris fakken yn in bûtenlânske taal folge?
- b. Hoe wie dat?
3. Kinso fan de ûndersteande Nederlânske wurden oanjaan oftst se kenst en oftst noch wilst hoe'tst se leard hast?
- a. hond
 - b. geodriehoek
 - c. bijltjesdag
 - d. persoanlijke ontwikkeling
 - e. awkward
 - f. anderhalvemetersamenleving

Wêr en hoe leare minsken taal?

4. Wat leart in Nederlânsktalich bern op de ûndersteande plakken fan it Nederlânsk?
- a. thús by heit en mem
 - b. by pake en beppe
 - c. op 'e basisskoalle
 - d. yn it fuortset ûnderwiis
 - e. fan freontsjes en freondintsjes
 - f. út de krante en fan de telefyzje
 - g. út boeken
5. Wat betsjutte de begripen BICS/DAT en CALP/CAT?
6. Stel dat in Nederlânsktalich echtpear nei Frankryk ferhuzet en dêr bern krijt. Thús wurdt Nederlânsk praat, skoalle, freontsjes, boeken, telefyzje en krante binne allegear yn it Frânsk. As de bern pubers binne, ferhuzet de húshâlding werom nei Nederlân. Hoe ferskilt harren Nederlânsk fan dat fan de bern yn Nederlân?

De Fryske situaasje

- 7a. Wat binne oerienkomsten tusken de taalsituaasje fan de bern út fraach 6 en de taalsituaasje fan Frysktalige bern?
- b. Der wurdt wolris sein dat Friezen net twatalich binne, mar oardeltalich. Wat wurdt dêrmei bedoeld?
8. Hoe tagonklik en oantreklik binne de folgjende saken foar dy yn it Nederlânsk? En yn it Frysk?
- a. berneboeken
 - b. romans foar folwoeksenen
 - c. learboeken foar de stúdzje
 - d. lessen/kolleezjes foar de stúdzje
9. Wat kinne leararen fan oare fakken dwaan om bern feardiger yn it Frysk te meitsjen?
10. Wêr moat in skoalle foar soargje as it doel is dat bern feardich wurde yn it Frysk?